

Po@dium

Bennie Huisman

2025 - 5

peace for our time...

It hjirneist ôfprinte liet is skreaun yn 1994. Ik wurke doe in jier lang mei oan it VPRO-radioprogramma *De kamer van Spelberg*. Geert Mak en Germaine Groenier keazen in tema, der wie in relevante gast en harkers koenen mei de telefoan ynbelje. Ik spile foarôf en tuskentroch wat muzyk en song op healwei in passend liet.

Dit liet skreau ik foar in útstjoering oer 'kinderarbeid'. It ynbeljen wie doe noch mei fêste telefoans. Mar mobyl belje kaem der oan: Wikipedia 1994 begjint mei in berjocht oer de iepenstelling fan in mobyl netwurk. Wa't yn it oersjoch trochlêst, sjocht dat in soad fan wat no spilet doe al ûntkime.

It liet is yn de kearn noch aktueel. Bern wurkje noch rûnom. Guon details fan it lêste kûplet binne wat út de tiid groeid. *Soap* en *house* binne mei de bern fan doe it ferline yn gliden. 'Nop', yn de betjutting fan: 'net fan materiële wearde', dat hearre we hjir en dêr noch wol.

Frede op ierde is der noch altyd net.

Lykwols winskje ik alle lêzers goede feestdagen en in moai 2026 ta, fjoerwurkfrij, stikstof-frij en - ik wit it, it is noch al in fraach - leagen-frij. En mei sa gau mooglik in kabinet dat wat kin, mei bestjoerders dy't de polityk net inkeld sjogge as 'spul', wêryn inkeld de belangen fan de achterban telle, hoe koartsichtich dy ek binne. Sjoen it oanbod is dit in hast ûnmooglik te realisearjen winsk.

Mar, soms barre wûnders.

de namelozen

wat ben ik blij in deze tijd te leven
waarin ik vruchten van vooruitgang pluk
we gaan nog steeds de wereld voor in 't streven
naar meer comfort, consumptie en geluk
waar grootvader in een fabriek moest lijden
tien uur per dag, voor een sober bestaan
beleven wij goddank nu betere tijden
het smerigst werk gebeurt hier ver vandaan.

*'k zou willen zingen voor de namelozen
die zwijgend zwoegen voor een graantje mee
maar ik ben van het ras der schaamtelozen
ik zing wat over eigen wel en wee.*

wat ben ik blij in deze tijd te leven
na eeuwen brak hier eindelijk welvaart aan
honger en armoe zijn voorgoed verdreven
wij vreten varkens en de varkens graan
hoe eigentijds en ruim is onze woning
met duurzaam hardhout uit Verweggiestan
de klant met poen is overal nog koning
daar plukken wij de verre vruchten van

wat ben ik blij in deze tijd te leven
kinderarbeid is verleden tijd
we kunnen ons kind nu alles geven
zodat het hoogstens aan verveling lijdt
door soap geroerd, door house bewogen
gewapend met het uitverkoren merk
dat elke dag opnieuw wordt ingevlogen
uit ginder, waar Lou Nop nog werkt

frede op ierde...

'Po@dium' is in Persoanlik Digitaal Magazine. Dit is de 5e ôflevering fan 2025
Eardere ôfleveringen fan dit jier komme meikoarten op myn websiden
Réaksjes binne altyd wolkom: huisman.bennie@gmail.com
Wa't op 'e ferstjoerlist wol cq op it tastjoeren gjin priis stelt: lit it witte.

In lêste keunstje?

Foarich jier waard ik 77 jier âld. Ik fûn dat in moaie leeftyd, om it getal. En ik naam my foar om dat foar de rest fan myn libben mar te bliuwen. Dat is net slagge. No bin ik 78 en ha it sa drok as in lyts baaske. Benammen mei it tarieden fan in nije foarstelling: *de wals*. Dat is oars foar my net in nije stap: ik ha de lêste 10 jier in hânfol 'literêre temafoarstellings' makke en útfierd, soms mei in oare muzikant, meast allinne. Ik fûn dêr eins altyd wol enerzjy foar, der kaam tagelyk ek in boek, bondel of cd út en ik hie it gefoel noch wol in moai skoft sa troch gean te kinnen. De lêste wie *Amore*, oer 'de leafde'. Dy spylje ik, mei Corinne Staal oan de piano, noch altyd. *What's next?*



Dus liet ik foarige winter myn tinzen mar wer ris gean oer in nije foarstelling. En kaam út by in âld ferhaal. Yn 2011 kaam myn diels autobiografyske roman *Lytse histoarje fan langst* út. Ik organisearre doe in tsiental jûnen mei in miks fan lieten en ferhalen om it boek hinne. Yn in tiidrek fan 14 dagen. Mei alle jûnen in oare gast, in muzikant, in sjonger, skriuwer of ferteller. Sels bereizgje ik de foarstellings op myn lisfyts, soms fytsend, soms rinnend, mei de fyts as in ezeltsje rôljend neist my.

It wie de útfiering fan in idee dat ik al myn hiele artystelibben koesterje: dat fan de 'reizgjende sjonger'. Ik ha dêr tegearre mei ferteller Douwe Kootstra ek meardere kearen op in oare wize útfiering oan jûn: op in âld kajútsyljachtsje ûnder de namme 'Wettertoer'.

Mar myn trije-tsjillige lisfyts bliuwt de ferbylding oanjeijen. Se is no 25 jier âld, hat in nije namme krigen en ik ha har technysk wer ynoarder makke. No brocht se my it aventoer fan 13 jier earder wer yn 't sin en frege: kinne we dat net nochris dwaan? Ik wie fuortdaliks yn 'e wille. Ut alle hoeken kamen ideeën, mar ik naam my foar: it moat eins in relekst spul wurde. Besibbe oan it spyljen op 'e strjitte, wat ik noch altyd graach doch. Sa kaam ik ek oan de titel. As ik dêr de boel útpakt ha en der klear foar bin, begjin ik altyd mei itselde walske. In akkordeon noeget dêr ek wat ta út, dy 3/4 maat. Ek in soad lietsjes dy't ik sjong ha dyselde maatsoart. Om it wat ôf te wikseljen sjong of spylje ik tuskentoch wat oare 'karakters', mar kom ek altyd werom by dy 'wals-groove'. Dêr moat ik my oan hechtte ha yn it 'pré-popmuzyk-tiidrek'. Sa bedarre ik wat yn myn eigen muzikale skiednis, fan doe't ik bern wie, yn de jierren '50.

En makke der mar myn wurktitel fan: *de wals*.

Sa 'n earste fase fan ideeën, dy't alle kanten útgean kinne, is altyd in moai spul. Mar der binne ek faak 'spulbrekkers', in wurd dat hjir wol past. Want de 'kearn fan de keunst' is it spul, it boartsjen mei taal, muzyk, stim, ferhalen. En de skerpte, de mentale enerzjy dy't dêr foar nedich is, hat troch de jierren hinne altyd syn ebbe en syn flood hân. Wat ik mei-meitsje, yn relaasjes, famylje en yn fierdere mienskippen, dy't 'yn sirkels om ús hinne lizze', dat kin my de moed ûntnimme, mar ek enerzjy jaan en ynspirearje. En alles dêr tusken yn. It lêzen fan it nijs yn 'e krante, de needsaak fan in gehoarapparaat, it ferlies fan in dierbere, de sykte fan in leafde, it kin my de moed, enerzjy en de wille om te boartsjen even ûntnimme. Mar moed is by my as ûnkrûd, it komt altyd werom.



Dochs wie ik der ôfrûne jannewaris goed ôf doe't myn stim ynienen hapere. Ik sjong eins it leafst ûnfersterke, ek al kin dat net altyd. Mar no koe dat alhiel net mear. Ik koe eins inkeld mar mei in soarte fan kopstimregister sjonge. Ik liet my trochferwize nei in spesjalist, in KNO-dokter yn it sikenhûs, mar dy koe mei de modernste apparaten neat fine, 'neat ferûntrêstends'. In moanne of fjouwer letter wie it oer. En wie myn stim better as ea.

Mar de fraach nei de oarsaak bleau my dwaande hâlden. Ik tocht nei oer 'stress' en betocht dat myn 'stress-bestindigens' ôfnimt. Ik meitsje my faker en gauwer soargen en de fanselssprekkendheid wêrmei 't ik altyd fleurich oan in nije foarstelling begûn hat stadichoan plakmakke foar geregelde twifel. As ik even wurger bin as ik fan mysels wend bin, as ik my mismoodich fiels oer alles wat der no ferkeard giet yn 'e wrâld, oer de 'brune' weach, dy't rûnom yn opkomst liket, de radikalisearring yn alle sirkels om ús hinne, de tannimmende macht fan 'Tech', oarloch, geweld en militarisearring. Dan liket it 'boartsjen' soms even net mear ûnder berik. En tink ik: moat ik it noch wol dwaan? Want ik wit wat it freget.



Mar dan sjoch ik wat ik skreaun ha, oefenje ik de lieten en komt de moed werom. En betink ik dat ik ek net folle oars ha, wat ik tsjin al dy skamteleazens en machtshonger ynsette kin. En sa, yn in hinne- en wer tusken twifel en oertsjûging sil *de wals* der no dochs komme.

Mar al dwaande is it begjin-idee út it sicht rekke. Dat kaam sa.

De earste ynfintarisasje fan materiaal foar de *Sudewyn* - toer rjochte him op wat ik it 'ûnderweis-repertoire' neam. De swalkjende sjonger, ek as metafoar, hat syn spoaren achterlitten. Net inkeld yn myn lieten, ek yn de ferhalen. Mar yn de moannen sûnder stim en it foarútsjoch dat ik der mooglik in punt achter sette moast, begûn ik wat achterom te sjen: nei de skiednis fan myn stim. Dat hie al earder in ûnderwerp west yn myn earste theaterfoarstelling: *De sjonger*. Ik begûn dat allegear noch ris werom te lêzen, mei yn 'e achterholle it idee: as it net mear as foarstelling kin, moat it mar in boek of bondel wurde.

En stadichoan feroare de opset. *De sjonger* wie in theaterfoarstelling, mei dekôr, rekwi-siten, beljochting, spul, monologen en dialogen. Doe, yn 1987, mei in hege ynset: it sykjen nei antwurden op wichtige fragen, dy't jo oan in sjonger, mar ek oan de minske yn it algemien stelle kinne: hoe kinne we bydrage oan in bettere wrâld? En hoe ferhâldt him dat ta 'de merk', dy't rjochte is op ferdivedasje, oandacht, rom en winst. No is de kâns op rykdom en rom yn it Frysktalige gebiet net al te grut, mar dochs bliuwt dat by de measte optredens altyd eat fan in dilemma: ik wol de oandacht, mar ik wol ek wat kwyts oer de minske en de wrâld dêr't we yn libje.

Yn *de wals* komt dat no allegear werom, mar hast 40 jier letter is de toan oars. En ek de theatelementen komme werom, mar beskiedener.



Doe't ik myn stim werom hie en neitocht oer wat ik nedich hie om fierder te gean, kaam ik út op in alsidige muzikant. Immen dy't meardere ynstruminten bespylje kin, goed is yn technyske support en ek aardichheid hat oan 'tonielspyljen'. In tûzenpoat eins en dêrfan binne der hjir net safolle. Dat ik frege Tseard Nauta en dy sei ja. No ha we de earste try-outs achter de rêch. Tiid om te 'evaluearjen' dêr't ik sa 'n wurd om sis Yn jannewaris pakke we de tried wer op.

De beide tryouts rûnen better as ferwachte. It slypjen oan teksten is in proses, dat eins altyd trochgiet. Ien fan wizen om dêr kritysk nei te sjen is 'meartaligens'. De wals is wat de lieten oangiet útsoarte meartalich, mar alles dêr omhinne wie yn dizze earste try-outs frysktalich. Der komt lykwols ek in nederlânstalige ferzy en it parallel wurkjen yn beide talen wurket o sa goed yn it kritysk besjen fan wat ik skreaun ha.

Ek dêrneist moat noch genôch barre. Dat hat ek te krijen mei it 'format'. Ik woe diskear wer ris in riker palet as: 'lietsje - ferhaal - lietsje'. Ik woe ek teater en eat mei byld. Yn de try-outs ha we dêr wat houtsje-toutsje mei wurke, diels brûkt wat ik noch lizzen hie. Mar dat hie ek syn grinzen en der is genôch dat better kin. Dêryn moatte we rekken hâlde mei 'it formaat'.

As der út kulturele kommisjes wei belangstelling ûntstiet foar 'de wals', dan sille we op tige útienrinnende lokaasjes spylje: fan MFC oant bibliotheek, fan tsjerken oant doarpshuzen, fan húskeamers oant teaters. Yn dy lêste kategory is it gjin probleem, dêr kin in soad. Mar foar alle oare sitewaasjes moat der in fleksibel basisdekôr wêze. Dêr wurdt no oan wurke. Fierdere oanklaaiing: itselde.

En no giet it ek hurd: op snein 18 jannewaris is de earste presintaasje foarstelling. Fan de frysktalige ferzy. It affysje mei de relevante ynformaasje is hjirneist ôfprinte.

Fjouwer wiken letter, op snein 15 febrewaris folget de nederlânstalige ferzy. Dy is yn myn eigen 'thús-teater', yn de tsjerke fan Sânfurd.

Dat beide presintaasjes yn in tsjerke binne is eins wol passend. De hiele foarstelling begjint mei in skeppingsferhaal. En eat fan 'ferlossing' sit der ek yn. Mar los dêrfan is it faak moai sjongen yn in tsjerke. En der wurdt yn tsjerken op 't lêst al ieuwenlang gebrûk makke fan feit én fiksje. Of, om it yn wurden út de wals te sizzen: *'...is it wier? Is it ferbylding? Wy leauwe it wol...'*

Foar de besikers is it komfort wol ris wat minder, mar as wy ienkear oan it wurd en de muzyk binne ha jo dêr gjin erch mear yn. Wolkom alsa.

Om te reservearjen: sjoch hjirneist.

de wals

in libben
yn
in liet

Bennie
Huisman
&
Tseard
Nauta


Snein 18 jannewaris 2026, 15.00 oere
Fermanje De Rottefalle, Haven 16
kaarten: € 15,00 (ynkl. kofje of soks)

reservearje: 06-29155260
(of)
huisman.bennie@gmail.com

...slow-motion...

Myn trijetsjillige lisfyts hat op it lêst dochs noch in Fryske namme krigen. Har earste Ingelstalige namme *Lizzy* wie spontaan ûntstien en se ried der net sichtber mei om, mar de namme waard wol útsongen yn in liet yn myn teaterfoarstelling *De loftfytser*. Oer de twadde namme *Modestine* wie mear neitocht. Dy wie ûntliend oan de namme fan de ezel, dêr't de Skotse skriuwer Stevenson in reis mei makke troch de Cevennes. Dy namme kaam op moaie houten plankjes op it frame. En no stiet der op dyselde plankjes:

Sudewyn. Ek dêr sit in ferhaal achter, mar dat komt noch wol ris. Mar it bleau net sûnder gefolgen, want se liet my nei de nammeferoaring witte dat se no ek wol diel hawwe woe oan ús 'nasjonale tradysjes'.



Tsja. Keatse of fierljeppe siet der fansels net yn. Skûtsjesile soe ek dreech wurde. Mar de Alvestêddetocht, dat soe miskien wol kinne. Oer it iis? De oerfoarm? Sels dat soe net ûnmooglik wêze. Ik hie yn de earste jierren al ris betocht dat ik har miskien wol tydlik ombouwe koe ta 'iisfyts' (sjoch de skets hjirneist). Mar sûnder iis, dat de strange iismasters treast is hat it net folle doel om dêr in soad enerzjy yn te stekken. En dat iis kin ek noch wol even duorje. Dêr kin ik net op wachtsje.

Dêr komt by: *Sudewyn* ek net ferbûn is mei 'sportive' prestaasjes, mar mei ferbylding. Of miskien moat ik sizze: keunst. It leit dan ek yn 'e reden dat Sudewyn en ik tegearre sykje om dy ferbylding. Dy is der genôch. We konsintrearje ús lykwols op de keunst en ferbylding dy't sûnt 2018 alle Fryske stêdden meiinoar ferbynt: de fonteinen. Dizze syktocht nei de skiednis en achtergrûnen fan it ûntstean kin my moai de winter troch helpe. Mei de útdaging om ferhalen te skriuwen oer wat ik ûnderweis belibje, wat my rekket en hoe wat ik sjoch en ûnderfyn resonearret yn my. Ik begjin yn myn berte- en wenplak It Hearrenfean.

't Feen is gjin stêd, hat dêr noch wol mei dwaande west yn de earste helte fan de 19e ieuw, mar it wie harren te djoer. Hoe 't it trajekt fan in 12-stêddetocht der útsjoen hie sille we alsa nooit witte. Wa't de kaart besjocht fan it hjoeddeiske trajekt sjocht yn ien eachopslach, dat de Wâlden, de Súd-Easthoeke, it Lege Midden en in grut part wat no De Fryske Marren is, der bûten falle. Dy krite woenen fansels ek wol in ta de ferbylding sprekend 'rûntsje'. Dat waard de 16-doarpen-tocht. Dêr waard mei begûn yn de earste oarlochsjierrren. It waard rûchwei in rûntsje fan sa 'n 80 km, oer Akkrum, Grou, Earnewâld, De Gordyk en It Hearrenfean. De namme kaam út 'it Folk' sels, middels in priisfraach yn it Nieuwsblad van Friesland. De priis: in pear Batavus-redens.

Ien fan de meast ta de ferbylding sprekende ferhalen oer de Alvestêddetocht yn de begjintiid is dat fan boeresoannen of -feinten, dy't moarns ier earst de kij molken, de redens ûnderbûnen, yn it tsjuster nei Ljouwert rieden, de Alvestêddetocht dienen, harren krúske ophellen en yn it tsjuster wer op hûs oan gyngen - mei in ekstra Hepkema ûnder de trui en by de lange ûnderbroek yn. Dêr wachten dan de kij. Of in jonge boerinne of molkfaam. Foar sokke ûndernimmings bin ik net yn 'e widze lein. As der al noch suver Frysk Bloed yn my sit is dat troch de generaasjes hinne sa fertinne rekke dat ik soks myn hiele libben net oprêdde kind hie. Lykwols: op nei Ljouwert. Op *Sudewyn*. Yn *slow-motion*.



Myn reis is in fundaminteele oare as de measte Alvestêddetochten. Dêrby is it net de bedoe-ling dat de dielnimmers in soad stil stean. In stimpel pakke en fierder. Mar foar myn tocht is stilsteane essinsjeel. En dat giet hast as fansels. Faak kin ik stilsteane en trochtraapje tagelyk. It paad dat ik ôflis kin my oan it tinken sette. As ik dan oer dy gedachten it gefoel ha dat se my eins net ûntkomme moatte, stap ik even ôf en skriuw wat op.

Ik bin 't Feen noch mar krekt út of myn tinken giet mear as 60 jier werom yn de tiid. Nei myn earste reis nei Ljouwert. In 'inkelde' reis. Ik mocht meiride yn de ferhúswein. Heit hie syn muzykskoalle yn 't Feen ferruile foar in fêste baan as leraar yn Ljouwert en we ferhuzen. Ik wie hast 14 jier âld en dan is soks yngripjend. Fan de reis mei de ferhúswein heucht my inkeld it stik nei Akkrum oer de âlde Ljouwerter Strjitwei, mei oan beide kanten beammen.

De hiele wrâld tusken myn berte- en wenplak én pakwei Alde Skou, koe ik inkeld fan it wet-ter ôf. Nei Nijbrêge wienen der dan in pear fêste oriëntearingspunten: in gebouwsje lâns it spoar en in lytse tsjerke dêr skean foaroer. Wienen we dêr oan foarby, dan kaam al frij gau de spoarbrêge en gie de reis fierder oan de oare kant fan it spoar, nei Akkrum, Terherne of Grou. As ik út 'e fierte in foto nim fan it gebouwsje sjoch ik net mear it kreaze metselwurk fan de jier-ren '60. Mar dêr't dit markearingspunt opnommen is yn de kulturele foarútgong, hat de oerbuor-man oansluting socht yn ieuwenâlde tradysjes. De mear as 200 jier âlde tsjerke is in rêstplak yn it Jabikspaad, de Fryske oanrin fan de pelgrimsreis nei Santiago de Compostello. Sa sit myn reis nei Ljouwert fol mei markearingspunten dêr't ferhalen oan hingje. Mar nei Grou hâldt it op.

Ljouwert sels sit ek fol mei oantinkens, mar ik fyts earst nei de fontein. Dy't even gjin fontein mear is. Der heart in soarte fan damp omhinne te hingjen, ynspirearre troch de 'dize oer de fjil-den'. Om 'e winter hoecht dat net oer te gean, de temperatuur is yn de dûbbele sifers. De bylden markearje de entree fan de stêd: dy is hjir freonlik foar wa't rint of fytst. By de bylden in boerd mei in taljochting: '...se dreame.. foar bern is de takomst in dream fol tasizzings...' leit de keunstner út. Hoe âld binne dizze bern? Ik tink likernôch sa âld as iksels wie doe't ik yn dizze stêd kaam te wenjen. Krap 14 jier âld. Ik siet op in MULO, fergelykber mei wat no HAVO is. Dat wie tink ûnder myn nivo, mar in learder of studearder wie ik doe net. Ik wie wol 'dreamerich', libbe yn fantasijferhalen, ik lies in soad, smookte net, dronk gjin alkohol, krige net lang nei de ferhuzing in bril.

Ik hie gjin smartphone, gjin fatbike of brommer, makke my noait drok oer de klean dy't ik droech. As it even koe kocht ik in treinkaartsje - foar ien gûne fiifentweintich - nei 't Feen om myn freonen op te sykjen en yn 'e fakânsjes wie ik dêr standert útfanhûs.

Ik begûn wat belangstelling te krijen foar de famkes, mar wie net sa útsprutsen yn dy gefoelens: stie meast mei de mûle fol toskjen. Ik tink, dat ik my net goed foarstelle koe dat se wat yn my seagen. Dy ûnsekerheid om my út te sprekken is noait alhiel oergien.

As skriuwer, sjonger en ferteller ha ik op 't lêst in omwei fûn om dat dochs te dwaan. Mar yn myn leafdesrelaasjes, dy't foar in grut part mei Ljouwert ferbûn wienen, hat myn swijen in soad fernield. Leafdes begjin-ne as in 'dream fol tasizzings.'

Dêrnei is wekker wurde nedich.

(wurdt fuortset)



twee 7 meter hoge, witte sculpturen van een jongen en een meisje. Ze lijken elkaar aan te kijken, maar hun ogen zijn gesloten. De gezichtsuitdrukking van de kinderen is sereen. (Plensa: ze dromen.. voor kinderen is de toekomst een droom vol beloftes)